

NANNEWIID

wat ha 'k der wat omhinne fytst
oer dat sutrich nûnderpaad
en langút lein op wiete grûn
dy't geil trille as 'k der rûn
dy simmers foar't de surfer kaam
doe't in simpele hierskou
krekt lije koe dy wike

wat haw ik troch de reiden riden
stoer mei hannen op 'e rêch
sabeare tûke tochterider
want ast op strjitte hjitten waardst
hea jong ride hear it wide hâldt
dan hiest dy der mar by te jaan
al wie it mear om mei te dwaan

in hjerstdei bin 'k derhinne gien
en haw dêr deun by 't wetter stien
it grien fan greide en strewiel
wie sêft en deftich as ferwiel
dy stilte en it blauwe ljocht
dat wie no krekt wat willem socht
en hoeden glied doe lang om let
dit nannewide fan 't palet